

# It lêste nijs.

As it tsjin sit, lêze jo dit stikje yn de lêste Nijsmoune. Nei 37 jier hinget de redaksje de lier yn de wylgen. No wit ik wol ; tiden hawwe tiden: wy ha hast allegear ynternet. Wy maile, appe en facebookje hiel wat ôf. Mar toch : wat is it moai in échte krante yn hannen te hawwen. Oare kant begripe we de redaksje skoan, in krante meitsjen is in bealch fol wurk, en it hâldt ek foar frijwilligers in kear op. Mei respekt en achtinge tankje we de redaksje foar har jierrenlange ynset.

Wy ha as PBKootstertille al jierren in webside. Gratis foar ús ûntwikkele en kreas ûnderhâlden troch Fokke Hoekstra. Wêr't we tige tankber foar binne. Wy as bestjoer moatte de kopy oanleverje, en dêr binne we fiers te sleau yn. Ús jongste bestjoerslid Jellie, fynt, terjochte, dat we better gebrûk meitsje moatte fan de mooglikheden fan in webside en komt, tegearre mei Dirk mei in nije opset. As we it safier ha, hearre jo der mear fan.

Jo hearre ek mear fan ús jeugd wurk. Dat rint as in tiereliere en dy dogge sels ferslach. In kompliment foar de frijwilligers, dy't ek dit jier wer in "spikerdoarp" organisearren yn de simmer fakânsje. Sadat ek bern dy't net mei fakânsje kinne, toch in fijne wike ha!

Sûnt de lêste kear dat we by praat ha, ha we as bestjoer wer it nedige " by de kop hân ". No is it mei ús -frijwillige- bestjoers wurk net sa dat jo hjoed wat betinke en it moarn klear is. Och heden nee. It freget meast in soad oerlis, geduld, kreatief tinken en trochsettings-fermogen. En dan noch krije jo soms it deksel op ' e noas. Hawar, der binne ek hiele moaie dingen wól klear kaam. En dêr kinne we as doarp grutsk op wêze.

Wim Fopma is ús wykagint. Wy hiene him útnoege om te fertellen oer syn wurk. Hy hat mear te dwaan en fytst nét troch it doarp om op ús te passen. Eins komt it der op del dat jo him alinne tsjin komme as der wat misgiet. Hy hat al wat kunde op de Tille...

Fuort mar troch : " Vandalisme". Noch altyd ha we te meitsjen mei oerlest en fernielerij. Soms giet it sels om jonge jeugd. As we noflik meielkoar ferkeare wolle, sil elk syn ferantwurdlikens nimme moatte. De bern tasprekke en oars mar melde. It is spannend boartersguod, mar libbensgefaarlik : illegaal fjurwurk. Nó al wurdt der sketten en foar in soad oerlest soarge. En fernield. Der is al in brievebus opblaasd. Moat dit no sa? As we as doarp ús foarsjenningen hâlde wolle, moatte we der sunich op wêze en der meielkoar op passe!

De ferkearsfeiligens op de Âlde Dyk jout soargen. Hiel wat bern moatte twa kear deis dizze drokke wei oerstekke. De wei leit dwers troch it doarp, dat elk hat der mei te

krijen. Wy ha oerlis mei de Gemeente en hoopje dat der in goed plan komt om de feiligens te ferbetterjen.

Wy ha ek oerlis hân mei de wethâlders, beliedsmeiwurkers, ûndernimmers en meibestjoerders oer :

De consultatiebureau's. De ynfolling fan de "gatten" yn ús sintrum, û.o. troch wenningbou. De biofergister. It Hinkehoeksterpaad, dit wurdt omlein en hiel netsjes útfierd. De nije "omgevingswet". Kulturele Haadstêd 2018. De "weerbaarheidstraining" foar jonge bern. Dit wie in hiel goed initiatyf fan de Gemeente. De subsidie hâlde op en doe wie it "over en uit." Krekt dizze bern kinne wol wat ekstra oandacht brûke, dat dit moat eins wol trochgean.

Dit binne allegear saken dy't noch in ferfolch krije moatte.

De federaasje fan Plaatselijke belangen yn Achtkarspelen hâlde by ús in tige slagge gearkomste.

Wy dienen mei oan it " slimste dorp ". It wie wól hiel gesellich.

De Gemeente iepene in " mienskipsfûns " foar projecten. Jo moatte dan wol de helte fan de kosten self opbringe. Lokkich is der ek dit jier wer it Leefbaarheidsfonds, jild dat we nei ear en geweten ompartsje meie. As lêste : it zwerfafval projekt rint goed.

Ús Tilster skûtsje hat averij oprûn, mar kin lokkich tóch Sinteklaas ynhelje, sadat dat feest trochgean kin! Tige tank!

Jo binne wer op de hichte fan ús nijs. As bestjoer fan Plaatselijk Belang Kootstertille winskje we jo allegear fijne feestdagen en in sûn en feilich nijjier!

Lys.